

© MMI Juresta Nederland b.f. h.û.d.n. Juresta creditmanagement. Alle rjochten foarbehâlden. Neat út dizze betinksten mei fermanningfâldige wurde, opsein yn in automatyskearre ynlychtingenbestân of iepenbier makke wurde, yn hokker foarm of op hokker wize, itsj elektroanysk, mechanysk, troch fotokopieën, opnamen of hokker oare wize, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de rjochthawwende y.k. Juresta International Holding b.f.

artikel 1: ynkassoprovisje en (meidieling fan de) ynkassokosten

A. ynkassoprovisy

A.a. Juresta creditmanagement hantearret in provisy fan 15 % fan de som fan de te foarderjen haadsom en de opkearrinte. It minimum fan de ynkassoprovisy komt op € 136,35;

A.b. opdrachtjouwer is altyd en ûnder alle omstannichheden de btw ferskuldige fan de yn rekken brochte ynkassoprovisy. Hjirta sil Juresta opdrachtjouwer altyd fakturarje.

B. ynkassokosten en meidieling fan ynkassokosten en opkearrinte

B.a. de ynkassokosten kinne op grûn fan de omskriuwing yn de algemiene betinksten fan de opdrachtjouwer en/ of op grûn fan wetlike omskriuwingen, ferhelle wurde op de debiteur. Dit is in primêre doelstelling;

B.b. as blyken docht dat de ynkassokosten net ferhelle wurde kinne op de debiteur, as gefolch fan syn fallissemint of in oare ûnmacht fan beteljen, wylst oan alle betinksten en ferplichtingen, fuortkommet út dizze ynkasso-oerienkomst, foldien is, dan wurde der gjin bykommende kosten, ynkassokosten of -provisy by de opdrachtjouwer yn rekken brocht;

B.c. as de opdrachtjouwer ien of mear ferplichtingen en/ of betinksten lykas dy út de ynkasso-oerienkomst folge en hokker falle ûnder artikel 2 a o/ m f fan dizze betinksten, net neikaam is, hat Juresta altyd it rjocht om de ynkassoprovisy en de makke ynkassokosten (wêrûnder it (gederfde) salaris fan de lêsthawwer neffens liquidataryf) by de opdrachtjouwer yn rekken te bringen en, by need, te ferrekkenjen mei de ynkassearre haadsommen;

B.d. Juresta bringt de ferskate ûnderdielen fan de ynkasso-opdracht yn de hjir ûnder fêststelde folchoarder yn mindering op de ynkassearre kosten;

1. yn'e earste opslach wurde alle ynkassokosten yn mindering brocht;
2. yn'e twadde opslach wurde de kontraktuele of wetlike (opkearr)rinte yn mindering brocht;
3. as lêste wurdt de haadsom (= it (restant) faktuerbedrach) administratyf ferwurke.

B.e. 1a. Juresta hat it rjocht om alle troch har makke kosten, ek de ynkassoprovisy yn mindering te bringen op de ynkassearre kosten;

B.e. 1b. it hjir foar fêststelde implisearnt ûnder mear, dat Juresta it rjocht hat om de makke kosten, ek de ynkassoprovisy daliks foarderjend yn rekken te bringen by de opdrachtjouwer, as blyken docht dat de debiteur (in diel fan) de ferplichte kosten rjochtstreeks oan de opdrachtjouwer betelle hat.

B.e. 2. Juresta hat in stichting oprjochte dy't in treddejildbankrekken beheare sil. Soks ta it befeligen fan de ynkassearre kosten. Juresta sil der op ta sjen dat de troch har ynskeakele advokaten konform de gedrachtsregels fan de Nederlânske Oarde fan Advokaten hannelje.

B.f. fierdere omskriuwingen oangeande ynkasso's.

As betelling - nei it foarsjen fan de ynkasso-opdracht, al least nei it ferstjoeren fan de "befestiging fan yn behanneling nimmen"- wêr't alle oerienkomsten tariven foar fan tapassing binne, oanjûn wurdt:

- a. alle ynkassearre bedragen;
 - b. betellingen, dy't troch of út namme fan de debiteur al as net rjochtstreeks oan de opdrachtjouwer ferrijchte binne;
 - c. retour krigen guod; yn dat gefal sil de wearde fêststeld wurde op grûn fan de oarspronklike faktuerprijs;
 - d. kreditearring fan de kant fan de opdrachtjouwer (bygelyks troch skilking of skinking);
 - e. elts ûngedien meitsjen fan it foarderingsrjocht fan de opdrachtjouwer op hokker wize dan ek, sa dat de opdrachtjouwer net mear yn it besit is fan de rjochten op grûn fan de foardering op de debiteur dy 't oan Juresta ta ynkasso yn behanneling jûn is.
- B.g. as opdrachtjouwer sels in foardering, sûnder tastimming fan en/ of sûnder oerlis mei Juresta regelet, de ynkassowurken behindert of de opdracht jûnt, is de folsleine ynkassoprovisy ferskuldige, by need fermeerdere mei de troch Juresta makke kosten (wêrûnder ek it (gederfde) folmacht salaris neffens liquidataryf).

artikel 2: ferplichtingen fan de opdrachtjouwer

Ynkasso-opdrachten binne ûnderwurpen oan ferplichtingen, wêr de te ynkassearjen foardering(en) oan foldwaan moat(te). Tsjin dizze ferplichtingen kin net yngien wurde. Net neikommen fan (ien fan) de ferplichtingen implisearnt dat Juresta de ferplichting wol hat de opdracht yn behanneling te nimmen, yn dat gefal lykwols net oars as tsjin betelling konform de tariven, as fêstlein yn artikel 1.

De betinksten/ ferplichtingen binne sa:

- a. foardering moat altyd ta stân kommen wêze ûnder de tapaslikens fan de troch opdrachtjouwer hantearre betinksten. (Sa moat de opdrachtjouwer de tapaslikens fan de troch de opdrachtjouwer hantearre algemiene betinksten binnen syn leveringsoerienkomsten en fierders mei syn klanten oerien komme);
- b. de foardering moat in ûnôfhinklik karakter ha en mei net bleatstean oan oanspraken op grûn fan in noch net

neikommen (tsjin) prestaasje;

- c. it foarderingsrjocht fan de opdracht dy't yn behanneling jûn is moat troch de opdrachtjouwer bewizen wurde kinne;
- d. tagelyk mei de ynkasso-opdracht wurdt hieltyd troch de opdrachtjouwer oerrikt;
 1. leverings- of oare oerienkomst, hokker oan de foardering ta grûnslach leit (bygelyks ûnderskreaune opdrachtbefestiging of ûnderskreaune ôfleveringsbon);
 2. alle oare relevante stikken: wêrûnder de faktuer mei spesifikaasjes, lykas oanmoeningen en oare korrespondinsje fan en mei de debiteur.
- e. sa gau't in ynkasso-opdracht troch de opdrachtjouwer oan Juresta jûn is, moat opdrachtjouwer him gehiel ûnthâlde fan kontakten mei de debiteur. Opdrachtjouwer is ferplichte de debiteur hieltyd nei Juresta te ferwizen;
- f. betellingen, hokker troch de opdrachtjouwer ûntfongen wurde op of nei de datum fan "fêststellen fan yn behanneling nimmen", hokker troch Juresta fia post by eltse ynkasso-opdracht ferstjoerd wurde sil oan de opdrachtjouwer, wurde achte troch maatregels, hokker begjinne mei it stjoeren fan de sommaasjebrief, fan Juresta ta stân brocht binne. Dizze betellingen binne sa ûnder brocht yn de yn artikel 1 fan dizze betinksten fêststelde folchoarder fan ynkasso en ôfboeking benammen oangeande de ynkassokosten. De opdrachtjouwer is ferplichte om oan de oan him diene betellingen binnen 24 oeren oan Juresta te berjochtsjen.

artikel 3: folmachten fan Juresta

- a. de ynkasso-oerienkomst befettet yn elts gefal de ûnbeheinde folmacht om as folsmachtige fertsjintwurdiger fan de opdrachtjouwer datjinge te dwaan, wat nei it oardiel fan Juresta yn it kader fan de ynkasso-opdrachten winslik en/ of needsaaklik is. Mei klam leit it foech by Juresta om nei har goedtinken mei de debiteuren ta in regeling te kommen. As Juresta soks winslik en/ of needsaaklik fynt, wurdt rjochtstreeks nei it útbluwen fan betelling of reaksje nei oanlieding fan de sommaasjebrievien, in rjochtlige proseduerre begûn. Juresta is frij yn it fêststellen fan de kar en/ of it (momint fan), ynsetten fan de advokaat/ prokureur, lêsthawwer en/ of oare (tredde) deskundigen, foar it ynkassearjen fan de ferskuldigde kosten, soks en it oare yn dit artikel fêststelde, lit it fêststelde yn de ynkasso-oerienkomst ûnbehindere;
- b. Juresta is nea ferplichte/ fêst te hâlden, him út namme fan opdrachtjouwer yn in proseduerre te stellen, hokker daliks of yndirekt fuort komt út in ynkasso-opdracht en wurdt begûn troch in oar dan Juresta. Sa'n behanneling hat neier útliis nêdich yn ferbân mei it fêststellen fan de te beteljen fergoeding fan kosten en honoraria;
- c. alle troch of út namme fan Juresta te fieren prosdueres binne foar risiko fan de opdrachtjouwer.

artikel 4: algemiene ynkasso-omskriuwing

Juresta behâld him it rjocht foar de ynkasso-opdracht sûnder opefje fan reden en sûnder ynachtnimming fan in opzichtigstermyn te stopjen, danwol net ta it nimmen fan rjochtsmaatregels oer te gean, as dit nei har mening net ferantwurde is. Benammen wannear't it fêst is kommen te stean, bygelyks oan de hân fan dêrta yn wonnen ynfirmaasje- dat de op de debiteur te ferheljen mooglikheden ûnfoldwaande binne, hat Juresta it rjocht of te sjen fan it nimmen fan rjochtsmaatregelen. Sa gau as sa'n beslút troch Juresta nommen wurdt, moat sijn de opdrachtjouwer dêr skriflik fan op de hichte bringe. As de opdrachtjouwer him ta it stânpunt stelt dat mei de maatregels wol begûn wurde moat, is Juresta ferplichte om sa'n neiere opdracht út te fieren, lykwols net earder dan wannear't de opdrachtjouwer in op dat momint fêst te stellen depot betelle hat ta fersêfing fan de mei de gerjochtlige prosduere geande kosten. Eltse tapaslikens fan mooglike troch opdrachtjouwer hantearre algemiene betinksten is útsletten en hjirtroch fersmiten, foar safier hja pretendeare oangeande de útliis en útfiering dan dizze ynkasso-oerienkomst.

artikel 5: algemiene betellingsbetinksten

- a. alle betellingen op grûn fan dizze oerienkomst oan Juresta moatte sa gau as mooglik foldien wurde, mar ûterlik binnen 30 dagen nei faktuerdeitekening;
- b. alle betellingen moatte, útsein koartingen en/ of skuldferlikingen en oare hoe ek beneamde kompensaaesjes, foldien wurde op de op Juresta beneamde bankrekken;
- c. as betelling net plak fûn hat binnen de dêr foar oerienkomsten termyn, dan is opdrachtjouwer ferplichte fan de ferfaldatum ôf in fergoeding fanwege opkearrinte te foldwaan oan 2 % kumulatyf de moanne fan it folsleine bedrach fan de faktuer, wêrby in gedeelte fan de moanne berekkene wurdt as in hiele moanne;
- d. Juresta is rjochtinge om by it útbluwen fan tiidige betellingen alle kosten yn rekken te bringen, hokker de ynfoardering fan de ferskuldigde kosten mei him meibringt, lykas bûtengerjochtlige kosten. Dizze bûtengerjochtlige kosten wurde fikskearre op 15 % fan de somme fan it haadbedrach en de opkearrinte.

artikel 6: dekking en útsluting

Juresta bynt him om alle ynkasso's fan har opdrachtjouwers ûnder figeur fan dizze betinksten yn behanneling te nimmen. De behanneling fan dizze ynkasso-opdrachten fynt ûnder de wurking fan dizze betinksten plak en mei it doel alle troch de opdrachtjouwer te beteljen kosten dy't de behanneling jout, op grûn fan de tusken opdrachtjouwer en syn debiteur wêrten oerienkomst, te ferheljen op de debiteur fan de opdrachtjouwer.

Utsletten fan de dekking fan de ynkasso-oerienkomst is de foarfinansiering fan de kosten dy't ûntstien binne by:

- a. de behanneling fan ynkasso's yn it bûtenlân;
- b. juridyske advisearring dy't neat mei in ynkasso dy't yn behanneling jûn is te krijen hat;
- c. de behanneling fan in rekonsjysje (tsjinfoardering) tidens in troch of út namme fan Juresta op grûn fan in ynkasso-opdracht oan 'e oarder stelde, makke proseduerre;
- d. de behanneling fan in rjochtlige proseduerre dy't tsjin de opdrachtjouwer oanspant is;
- e. heger berop of kasaasje;
- f. it lizzen fan konservatoar beslach;
- g. arbitraazje saken;
- h. fallisemintsoanfragen

artikel 7: útsletten oanspraaklikens

Juresta foldocht oan har taak, lykas dat fan in tsjinstferliener yn har brânzje ferwachte wurde mei, mar giet gjin inkele oanspraaklikens oan foar (gefolch) skea, dy't in gefolch is fan har hanneljen of nei litten yn de breedste sin fan it wurdt, op betinkt foar safier dizze skea oan swiere skuld of sleauwens en/ of opset te witen is. Unfermindere it hjirfoar fêststelde wurdt de oanspraaklikens fan Juresta - op hokker grûn ek beheid ta it bedrach fan de ta ynkasso oanbeanne faktuer. Foldwaaning oan dizze garânzje jild as ienige en folsleine skeafergoeding.

artikel 8: ûntbining

Unfermindere it fêststelde yn artikel 7, komme partijen útdruklik oerien dat de oerienkomst fan rjochtswegen ûntbûn wurdt- sûnder rjochterlike tuskenkomst en sûnder dat ienige tekoartkommend easkje wurdt- op it stuit, wêr't de opdrachtjouwer yn steat fan fallisemint ferklearre wurdt, (yn't earstoan) sursêanse fan beteljen oanfreget, of troch beslachlizzing, ûnder kuratelle stelling of op oare wize it foech oer syn fermogen of dielen dêrfan ferliest.

artikel 9: skeel

Al it skeel, hokker ûntsteane nei oanlieding fan dizze oerienkomst, sille yn it earstoan foarlein wurde oan de rjochter yn it statutêre plak fan fêstjigen fan Juresta, unfermindere it rjocht fan heger berop.

artikel 10: tapaslik rjocht

It akkoard tusken Juresta en de opdrachtjouwer binne by útsluting ûnderwurpen oan it Nederlânske rjocht.

artikel 11: deponearring

Dizze betinksten binne deponearre by de Keamer fan Keaphannel en Fabriken yn Apeldoorn.

artikel 12: domisylje

Foar de útliis en it útfieren fan alle oerienkomsten wêr dizze betinksten út fuort komme, as wêr dizze betinksten diel fan út meitsje, wurdt mei klam domisylje keazen yn Apeldoorn by it kantoor fan Juresta.

ferklearring fan inkele begripen:

ynkasso-oerienkomst: de oerienkomst dy't laat wurdt troch dizze betinksten

opdrachtjouwer: alle kliinten fan Juresta Nederland b.f. h.û.d.n. Juresta creditmanagement en alle kontraktpartners fan Juresta Nederland b.f.

Juresta: besletten fenoatskip mei beheinde oanspraaklikens Juresta Nederland b.f. h.û.d.n. Juresta creditmanagement, ek de troch har ynskeakele en yn har opdracht wurkjende advokaten.

ynkasso: opdrachten ta it ynkassearjen fan foarderings op grûn fan faktueren en neikommen fan periodike finansjele ferplichtingen nei oanlieding fan tiidsferienkomsten.

bûtengerjochtlige kosten: de kosten dy't makke wurde oant op it stuit dat de daging tasein wurdt oan de tsjinparij

ynkassoprovisy: it oan Juresta takommende honorarium

ynkassokosten: alle troch de opdrachtjouwer te beteljen kosten dy't makke wurde moatte om in foardering te ynkassearjen. Dus bûtengerjochtlige en gerjochtlige kosten.